

List, lust, leafde

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 512 5

1e druk: 2023

© 2023, Sjieuwe Borger

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjeftte fan dit boek waar mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân

provincie fryslân 

Neat út dizze útjeftte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

List, lust, leafde

Sjieuwe Borger



I FEESTKOMMISJE

Wat in wyn, ik traapje my útinoar. Wêrom haw ik de fyts ek pakt. Noch in lyts eintsje. Dêr is it âld molkfabryk al. Wat liede de klokken, wurdt der ien te hôf brocht? Men soe dochs breinroer wurde fan dat lawaai. It heart by it doarp sizze se. Om my kin it oppakke, it doarp, en net allinne as it om lieden giet. Wat kin my sa'n doarpsfeest nukke, ik hie der jierren lyn al mei ôfdien en dan jou ik my op foar de organisaasje. Ik wol rêst en dan komt dit op myn paad. Hen, wat docht dy dêr no? Hâld dy fêst, Reinou, dêr giest sawat. Gau foet oan de grûn.

‘Dêr hie ik dy noch krekt, Reinou.’ De man pakte har fyts by it stjoer en har oan de ûnderearm. ‘Wêrom ek sa rimpjen, ju? Wy binne dochs al te let foar de gearkomste.’

Boer Jurjen. Wat in brune eagen hat dy man, hûne-eagen.

‘Tankewol, Jurjen. Oars hie ik hjir ûnderút lein tusken de nûnders.’

‘Men docht wat foar jins neiste, no?’ Hy knypeage gau-eftich, as hie er in stofke yn it each.

Hy krige har by de boppe-arm en joech har in triuwke.

‘Dêr gieste.’

Dat fielde fijn dat er my oanrekke, in bytsje leger hie noch lekkerder west. Me too, my ass. Ik wiuw him effen in lofttút nei. Hy wol it net iens sjen, inkeld each foar greide en kij, in echte greidboer. Iuwenlange seleksje, dat kin net oars. Sy kinne hjir allinne mar fier sjen, deunby ûntkomt harren. Ik bin der, de fyts yn de stalling en dan in plakje sykje. Ow, der is noch ien let.

‘Goeie, Reinou.’

‘Hai Trûde.’

‘Wat goed datst kommen bist.’

Ik moat my fan de bêste kant sjen litte.

‘De feriening kin altiten wol frijwilligers brûke, hie ik tocht.’

Ik bûch my effen oer it efortsjil om de fyts op slot te dwaan.

‘Dat fyn ik hiel moai fan dy.’

Hoeden opsjen. Rint se troch? Nee sy wachtet, Jurjen.

‘Ha dy Jurjen,’ brocht Trûde út. ‘Do komst ek al as frijwilliger?’

‘Oars soe ik hjir net wêze, Trûde. Dan wie ik by de kij.’

Hy slacht de earms om har hinne, syn sterke boere-earms. Jurjen is fansels de ideale skoansoan. Sa’nen mocht him by my wol ris opsette. Hoewol... Kin er him stilhâlde? Ik folgje harren mar it lokaal yn, de oefenseal fan Laudemus dêr’t Douwe sûnt ús ferhuzing altiten spilet op de tromboane. De minsken sjogge op fan har petear, sitte sy net te wachtsjen? No ja, fleurich groetsje. Trûde sjocht om, sy winkt nei my.

‘Trûde, Jurjen, Reinou. Wat in flecht op de koai. Kofje?’ De man mei de foarsittershammer foar him kaam oerein en geat de kopkes yn.

‘De oaren woene grif ek noch wol in bakje, no? In stikje koeke derby?’

De man snie de koeke en joech it troch. Trûde siet neist him en helle stikken út har tas.

Sy jout de man neist har suver sûnder dat ien der erch yn hat in teken. Trûde is wat oankommen, sjocht der goed út.

De man sloech mei de hammer op it filt foar him.

‘De gearkomste is iepene,’ sei er. ‘Hoe lang wennest hjir no Reinou?’

‘In lyts healjier.’

‘Moai datst mei de feestkommisje yn de kunde komme woest, it falt langer net ta om ien yn it bestjoer te krijen. Wy meie ús hjoed lokkich priizgje mei sels twa aspirant leden. Sa kinne wy wer jierren foarút, Jurjen kenne wy al. Reinou, fertelst ris wat oer dysels?’

Reinou stelde har yn in pear wurden foar en seach wilens om har hinne.

Elkenien ken elkenien hjir, al iuwenlang. Ik ek al nei in lyts healjier, dat iuwen liket. Goed dat wy ús beheine ta de uterlike saken. Oars wie it hjir net út te hâlden. Wêrom woe Douwe yn godsnamme ek nei in doarp ferhúzje. Oe hea, de knibbels jokje my net nei dat fûle traapjen. Ik wurd in dei âlder, al sjochst it my net oan. Fûstkje mei Sarah, frij nei Anne Wadman. Douwe seit ek dat er it my net oansjen kin. En hy kin 't witte, ik bin mei him troud en hy snijt deistich yn minskefleis om. Sjoch ris hoe't sy wurde as se de tritich foarby binne, seit er. Pânsen, sloppe spieren, hingelwangen, pûden ûnder de eagen. Tige tank Douwe, datst it my net oansjen kinst. Ik moat der al wat foar dwaan. Betiid te kuierjen, mei de hûnen, ûnderweis yntinsyf meditearje. As ik dat nét dwaan soe, dan hâlde ik it hjir alhiel net út.

‘Tank, Reinou. In kommunikaasje-adviseur hiene wy noch net yn it bestjoer. Dat kin goed te pas komme. Dan geane wy no oer op punt 1 op de wurklist. Ik nim oan dat jimme it iens binne mei de wurklist? It wurd is oan Trûde, ús siktaris.’

‘Tankewol, foarsitter. Ik haw in tal ynkommen stikken fan sponsors en bands dy’t spylje wolle op it kommende doarpsfeest. Ik sil se bewarje, ik hie oars sa tocht dat wy dit jier wer deselde band útnûgje as foarich jier, wie in grut sukses.’

Dat is wier, ik haw hearlik dûnse mei in kreaze man, út it buordoarp. Ik haw letter wille mei him hân efter de tinte, op it earste doarpsfeest dat ik hjir meimakke. In soarte fan opsternatens? Spitich dat er my dêrnei net mear oansjen woe, yn it winkelsintrum. Skurf tink, dat er syn frou by him hie.

‘De sponsors sil ik skriuwe dat harren bydrage wolkom is, ik foegje it kontrakt ta. Ik skilje mei de band fan foarich jier, dat sy de datum frijhâlde moatte. Dat wie it foarsitter.’

‘Do bist mar wer gau klear, Trûde. Skathâlder, oan jo it wurd.’
In kleurleas boekhâlderstype die monotoan en wiidweidich en sekuer ferslach. Nei in kertier besleat er dat it saldo batich wie.
‘Genôch foar it doarpsfeest, dit jier?’ frege de foarsitter.
‘En Arcadia derby, foarsitter!’
‘It kin net op, wy ferliene dy désjarzje en nimme der ien op yn De Greide. Ik slút de gearkomste.’

Trûde komt oerein, sy is yndie wat fuller wurden, it misstiet har net. Oars as dat wiif njonken har, dy is fet. Douwe sil sokken ûnder it mes krije tink. Earst 25 kilo derôf. En dat kapsel, in wc-boarstel. It liket wol wenst om nei jins fiifentritichste maklik hier te hawwen en de skuon allyksa. Learskes, dêr sjogge se jin op oan. As wie it ûnfoech. Se wolle net tajaan dat se it net hawwe kinne mei de grouwe konten en liven. Dat de hakken der ôf brekke. Gatfer, hoe krige Douwe it yn de plasse om hjirhinne te wenjen. Gelokkich haw ik myn eigen plakje. Wat in barte hat dat wiif, en dan hawwe sy jong sokke moaie slanke lea en ljocht hier en blauwe eagen. Dat hat ús pake hjir hâlden. Hy woe net werom nei Wuppertal. Ik bin bliid dat ik nei ús mem-en-dy útskaai.

‘Reinou, do giest dochs mei nei De Greide om in bakje?’
Ik lit my net kenne. Ik gean oer de tonge as ik no al ôfset.

Trûde stiek de earm troch Reinou harres.

‘Dy Jurjen is sa bluisterich, bliuw by my!’ Wilens lake Trûde Jurjen útdaagjend ta. Tegearre setten sy it oefenlokaal fan Laudemus út en rûnen sy nei De Greide.

‘In IPA as it heal kin,’ sei Reinou tsjin de man dy’t oan harren taffeltsje kaam.

Gelokkich binne wy koffjetiid foarby, oars tinke sy der ek noch wat fan. Ik knap der fan op, wat in lekker bitterke, de bêste útfining sûnt pilsener.

‘Dat bier is hearlik,’ sei Reinou, sy fage it skûm fan de lippen.

‘Sy brouwe it hjir sels, ambachtlik. Wy hawwe mear smaken. Wurdst no ek lid fan it bestjoer?’

‘Ik moat der oer neitinke. Der sitte al ferantwurdlikheden oan fansels.’

‘Hoe is ’t mei Douwe?’

‘Goed hear, kinst it himsels oars ek freegje. Jimme oefenje jûn wer.’

Sjochst him faker as my. Goaien, ik moat fuort, it baarnt my yn. Noch ien fraach, dat komt wat better oer.

‘Hoe is it mei dy, Trûde?’

‘Ik bin drok mei de fanfare, silst Douwe wol heard hawwe oer Arcadia fan de greiden. En de feestkommisje fansels. Ik mantelsoargje foar in buorfrou. De bern steane gelokkich op eigen fuotten, oars hie ik dat der ek noch by. Mei de bern haw ik it net mear drok. Al kinne sy útsoarte noch net sûnder my.’

Ik woe dat ik it drok hie mei bern.

‘Ik haw der ek oer neitocht om de swetten fannijs út te lizzen om nije enerzjy te krijen,’ gong Trûde fierder.

‘Komst oars suver om fan de enerzjy, liket my.’

‘Ik wol myn ropping folgje. Ik haw neitocht oer de Pabû, jonge minsken wat bybringe.’

Hâld op oer bern, ik wurkje fjif dagen om te ferjitten dat ik se net haw.

‘Ik bin ek begûn mei in nije baan,’ sei Reinou.

‘Feroaring fan lucht, dat is goed foar in minske,’ sei Trûde, sy streake oer har búk en pakte Reinou by de hân dêr’t sy it bierglês yn hâlde.

Dêr is de ober al wer.

‘Noch mar in IPA,’ sei Reinou. ‘Wolsto ek wat, in glês wyn?’

‘Nee tanke, dat is net goed foar myn embûsjure jûn by Laudemus.’

Dat ivige Laudemus.

De ober lake nei Reinou.

‘En in partner?’

Hast it grif net oan tiid mei al dy drokten.

‘Net mear. Ik hie al in keardel en dy liet myn bernewinsk útkomme. Nei twa bern hie ik myn nocht fan him en haw him de doar útdien. Mar ik haw der foar soarge dat de bern goed kontakt mei de heit hawwe. Hy hat no in nije frou en sy hawwe ek bern. Uteinliken wol elkenien neiteam hawwe, oars wurdst sa iensum âld.’

Bern, bern, bern.

‘Mar bern is dochs oars as in partner?’

‘Dêr seist it. Bern geane de doar út.’

‘En no?’

‘Ik haw in hiel skoft allinnich west. Ik wie mysels wol treast. Njonkelytsen haw ik ferlet fan ien dy’t in earm om my hinne slacht, dêr’t ik oan de ein fan de wurkdei myn aai oan kwyt kin. Dêr’t ik mysels mei diele kin yn goed en yn tsjoed.’

‘Sikest?’

Wat kriget sy ynienen in kaam.

‘Kinst de spontaniteit oars wol in hantaast helpe.’

‘Dat is neat foar my, Reinou. Algoritmen stjoere oan op mislearring. Minsken mei in partner meie har lokkich priizgje.’

‘Jawis.’

Jawis sis ik, al is ús houlik al jierren like leech as dit fleske.

‘Ik moat no echt fuort, Trûde.’

Dy fermakket har wol mei Jurjen.

‘Goeie.’

‘Goeie.’

No avesearje, oars kom ik te let.

II Boeken

Reinou helle de boeken út de lêste ferhuzersdoaze en sette se yn de boekekasten. Sy die in pear stappen tebek en beseach de folle planken.

Al dy boeken, ik wurd der ûnrêstich fan, it tsjinoerstelde fan wat ik ferwachte hie. Men wol hieltiten mear, begearich nei nije titels, alles fan ien skriuwer, sjenres, boekewiken, folle net genôch. Tips fan freonen, wat ik sels ûntdek troch oare boeken te lêzen, sniebal. De ûnrêst om in boek te pakken, nei te slaan, net witte wêr't it skreaun stie. De titel en auteur dy't jin ûntkommen binne. Hoe hiet dat boek? It wie in Great American Novel, de man wie trijefearn fan it boek manyk en skeat doe yn Princeton foargoed de poel fan depresje yn. Ik haw it yn ien sike útlêzen, in flesse wyn derby. De tiid op de universiteit yn de jierren koart foardat iksels mei de stúdzje begûn wie. De tiid fan de post-strukturalistyske frânske tinkers, it boek ferhelle der yngeand oer. By ús op de uny waarden se net behannele, kin wêze dat ien fan myn dispút der in lêzing oer hâlden hie. Safolle te witten en dan it boek lit stean de skriuwer net mear ophelje kinne. Ik besau my deroer.

Reinou kearde har fan de boekekast nei it rút dat útsjoch joech oer de greiden.

Foarwinter, it gers koart ôfmeand en fernet it lân giel. Hoefolle sneeën soene se der ôf helle hawwe? In ferweesde strânljip fleach heech oer, like in roek tenei te kommen nei de koloanje yn de mantel om de toer. Moast sa lykje, yndie, hjirwei fertekene troch de ôfstân. It sealtek fan de toer kipe just boppe de eskebeammen út. Iuwenâlde beammen, mids de romte. Romte, flak as in biljertlekken, net in greppel noch in wier, alles oersljochte om it sa gau mooglik te meanen. Net in ko te bekenen, it falt oan it lânskip net te sjen oft it winter is of simmer.

De greiden begjinne oan de râne fan de buorren en wurde tydlik opkeard troch de terp en de toer. Yndustrieel lânskip. De strânljip is de lêste yn in loft dêr't ljip, ljurk, skries it al jierren lyn oerjûn hawwe. Al hiel oars as doe't ik op de basisskoalle siet. Wy hearden de fûgels sjongen yn de klasse as it rût iepen stie. En nei skoalletiid mei de pols it lân yn, de hiele neimiddei. It oangean om jin hinne, fûgels dy't jin ferjeie woene sa't natoer it harren ynjoech. Sy hawwe op in inkeldenien nei belies jûn, it swurk leit der leech hinne op dy iene strânljip nei. De loft is blau sûnder wolken, waar foar op in terras mei in freondinne, in pear freondinnen yn de grutte stêd mei bier en in flaubyt dernjonken. It wetter rint my yn de mûle. Ik kin in glês nimme. Ho, sterk wêze, net dwaan. As ik sa it finsterbank fêstgryp en ik knyp ta, fiel ik de spieren yn ûnderearms spannen. It is in nacht om it te fielen.

Fierderop moat it doarp lizze dêr't dy grutte skriuwer oan skoalle stien hat, syn namme bin ik ek al kwyt. Hiet er net fan Sylstra? Hy moat der alteast bedobbe wêze. In literêr lânskip, tsjerken, sûnder fûgels, sûnder god en deade skriuwers. Harsenskraabje. Harmen, sa hiet er. Sylstra skreau er him in tiidlang, doe't er noch net better wist. En no dy Amerikaan. Ik moat mysels wat opskerpje.

Reinou krige in stoel, gong der op stean en taaste efter in rige boeken.

Wêr is dy flesse no? Douwe kin him net ûntdutsen hawwe, hat hjir noch net west. Ow, nee, dêr fiel ik him. Hy stiet oan de oare kant. Hie ik him dêr dan weistoppe? Nah, wit net mear. Ik hie tink wat op. No noch in glês.

Reinou geat in finger whiskey yn de tûmler út in burolaad en nipte der hoeden fan.

As ik de foarnamme wit komt de skaainamme my ek wol yn it sin.

Sy kolke it glês yn it rûn.

Wat rûkt soks dochs altiten hearlik. Ik lit de eagen swalkje oer de boeken sa't it my útkomt. Boeken geane as films oan my foarby, ik

ûnthâld min wat ik lêzen haw. Kin faken net neifertellle hoe't it einige. De titel giet noch wol, meastal. Ik fielde dat it boek op my sloech, op my en Douwe. Douwe kontsjeklauwe, kontsjeklauwe is der net safolle mear by. Ik wit it wer. The Marriage Plot. Eugenides, Jeffrey Eugenides. Sjuch, it wurket.

Reinou seach fan it glês nei de flesse en werom.

Soe it noch ien lije kinne? Wêrom net, ik fiel my ommers goed.

Douwe komt noch lang net werom.

Reinou gong sitten yn de smookfauteuil foar it rût en sloech it boek op.

Wat woe ik ek al wer neisjen? De sfear dy't it boek oprôp, dat is net op ien beskaat plak te finen. Ik soe it hiele boek opnij lêze moatte om dat werom te krijen. It sil my ek net bringe wat ik wol, it feilige oantinken oan de noflike oeren dy't it boek my besorgde doe't ik it lies. Wat ik no en hjir fiel. Ik moat op syk nei in oar boek dat my ek sa meifiert. De whiskey smakket goed en wat is de loft djipblau, ik wurd der rûzich fan. Ik set de bekling fan de briedstoel wat mear efteroer, om te hingjen. De lea wurde my swier.

In stomp lûd op de flier, Reinou skrilte wekker.

It glês leit op it berberkleed, it hat syn fal brutsen.

No it boek teplak sette en ûnthâlde dat it hjir stiet. Brecht ris freegje oft sy noch sa'n soarte boek foar my wit. It glês yn it laad en ticht. Earst de mûle spiele.

Se guorrele foar de spegel boppe de dûbele waskbak.

It famke mei de blauwe eagen, like blau as de loft dy't de kommende winter wytget. Net in tear te sjen, sa't it ljocht no falt. Ik moat al wat dwaan oan it hier, it groeit út. Sil it wat byhelpe litte, hmm dy kroltsjes steane goed, as it wat langer is.

Reinou smiet it hier nei efteren en dronk it glês wetter út.

Sy gong de treppen del en beseach harsels jitris yn de spegel yn de gong.

Moai, sa mei ik sjoen wurde, ha!

‘Ha goeie, Reinou,’ Douwe rûn har temjitte mei opstrûpte mouwen doe’t sy de wenkeamer ynstapte. ‘Ik seach dyn cooperke al stean.’

‘Ik siet te lêzen op myn keamer, it naam my sa mei dat ik neat heard haw. Do bist ek net let.’

Douwe fage de hannen ôf oan de skelk, hy iepene de earms om har te krûpen.

‘Net te deunby Douwe, oars komt dy skelk tsjin myn chanel oan.’

Douwe liet de earms sakje. Hy seach har yn de eagen en bûgde him wat foaroer om har op de mûle te tútsjen. Sy wykte út, de tút lâne op har wang.

‘Douwe, do bist hjit.’

As er it mar net rûkt. It is fansels al wer in skoftsje lyn, sa’n bytsje whiskey fernimt er neat fan.

‘Ik stean in fiskje foar ús te bakken.’

‘Lekker Douwe, wat ite wy derby?’

‘Bakte ierappels en karamellisearre brokkoly mei pynbeam-pitten.’

‘Nijsgjirrich Douwe, wer ris wat oars. Hast al plannen makke foar it wykein?’

‘Dat is te sizzen. Jûn doch ik audysje om mei te spyljen by de fanfare, Laudemus. Sy sykje in tromboanist.’

‘Samar ynienen?’

‘Ik haw oefene en ik bin der klear foar.’

‘Ik haw dy net heard.’

‘Ik woe dy der net mei lêstichfalle. Ik haw al oefene mei de fanfare yn it âld molkfabryk.’

‘Sa slim hie ik it oars net fûn, om dy ris te hearren. Fanfare heart al oars as âlde jazz.’

‘Ik haw de muzyk al dy jierren yn my field, al de fiifentweintich jier dat ik de blaasynstruminten net oanrekke haw. Ik woe der wer wat mei dwaan, yn pleats fan der allinne nei harkje. Hjir op it doarp krigest de kâns. Ik haw skille mei de foarsitter fan de fanfare. Sy sei dat ik my melde koe as ik der oan ta wie. Ik wie mear as wolkom.’

‘Dat is goed nijs, he ju, it wurdt hjir hielendal blau.’

Douwe ferdwûn op in draaf nei de koken.

‘Ien kant is wat oanbaarnd, dat skraabje wy der sa ôf,’ rôp er fleurich.

‘Dat is alhiel net slim, hear leave,’ sei Reinou.

It is hielendal goed. Ik hoopje dat se dy ha wolle. Datst dyn eigen gong giest is it bêste foar ús. Dan kin ik yn alle frij ek myn eigen wegen gean. Dan hoech ik my dêr net skuldich oer te fielen.

‘Wolst in gleske om it te fieren?’ frege sy.

‘Nee, dan kin ik net goed spylje.’

‘Fynst it grif net slim as ik al in skroeierke nim!’

‘It hat fiif oere west, moat kinne,’ sei Douwe, hy seach op de klok. ‘Hiesto sels al plannen foar it wykein, Reinou?’

‘Dêr sil ik nei iten oer gear.’ Sy geat harsels in glês sherry yn.
Wat falt dat altiten hearlik op in whiskey.

Swijend sieten sy foar inoar oer, in tablet lei neist de boarden.
De fisk smakket in bytsje rikkerich, de brokkoly is nuveraardich. Hoe’t er soks betinkt. Sûnt wy hjir wenje hat Douwe him aloan mear ûntjûn as kokenprins. Hy hat de koken ynrjochte, in yndustriële kraan, granitoflier en ardinner stiennene oanrjocht mei kastkes yn lanlike sfear. Net alhiel myn ding, al mei ik net kleie. Alle dagen in sûn en streksum miel sûnder fleis, dat al. Ik miste earst myn byfstikje of bargehaske, mar dat wende gau, gauwer as ik ferwachte hie. En op

freed as by âlds fisk. Dan sjocht Douwe der ek net op oft it in ieltsje is, in tonym of in snoekbears. Fleisûnthâlder is er wurden, fisk lit er net stean, ek al wurde guon soarten bedrige mei útstjerren. En no ynienen giet er wer yn de muzyk. Sa komt hy syn tiid wol troch.

Sy seach op fan har tablet.

‘Bist nerveus?’

‘Nee, ik wol muzyk meitsje. En Laudemus stiet heech oanskreaun lanlik yn de hafabra divyzje.’

‘Hafabra?’

‘Harmony, fanfare, brass. Hafabra, klam op de ha.’

Reinou glimke nei Douwe en bûgde de holle oer it board.

‘Nijsgjirrich hear, wer wat leard. Háfabra!’

Sy pripte it lêste blomke brokkoly oan de foarke.

Hy is wat raar by dy New Orleans jazzband wei rekke, hoe en het hat er my nea wat oer fernijd. Yn dy snuorje dat ik him trof, haw ik him der ek nea nei frege. It hie net goed west foar de sfear yn it begjin. Dy wie brekber, wy koene inoar krekt, en hy gong der goed mei om. Hy begûn der sels ek net oer, hy prate mear teoretysk oer de muzyk. It moat al sear dien hawwe, datst de minsken út dyn band dêr’tst mei op en út giest net wer sjochst. No ja, hy wie sawat klear mei syn spesjalisasje. Hy koe oeral begjinne. Myn ferkearing wie útskuord, wat in timing. Hy siet dêr en wie beskikber. Net in man dy’t ik tsjinkommen bin, dy’t ik ha woe, dy’t ik net krigen haw. Wat leart al en net op de universiteit.

Sy klapte it skermke ticht.

‘It wie lekker, Douwe, ik waskje jûn ôf.’

‘Leaf fan dy, Reinou. Want ik moat gau fuort.’

‘Ik leau der neat fan dat sy dy net nimme,’ sei Reinou, sy gong stean en helle de tafel ôf.

Douwe kaam fan syn stoel. Wylst Reinou oer de ôfwasker

hinne bûgd stie en it diggelguod teplak sette, lei er syn earms om har heupen. Sy skrilte oerein.

‘Ik miende datst al fuort wiest. Douwe, ju. Jou dy ôf. Oars giest alhiel oerémis nei Laudemus. Dat is grif net goed foar dyn audysje.’

Hy seach ferbouwerearre yn har himelblauwe stiel, dripte ôf. Reinou hearde Douwe de treppen opgean, omspanen yn syn studearkeamer en de treppen wer del gean.

‘Letter,’ rôp er yn de gong.

De doar sloech ticht.

Rêst op it lange lêst, skûtelje en dan de tiid oan mysels, myn freondinnen. En streame, sûnder eat te missen. Sy spielde de pannen ôf, spuite ôfwaskmiddel yn de goatstien en naam it spûnske.

Ofwaskjen as balsem foar de siele. Sa'tst de pannen glânzje litst, sa kinst dysels ek fernije. Alle dagen wer. In soarte fitness, it befrijt my fan mysels. As ik dit putsje mei omtinken doch, krekt as alle putsjes, dan hoech ik my net drok te meitsjen oer wat der nei komt. De snoadfoan.

Soe Brecht wêze, is Brecht. Effen werom appe. Skûldoek oer it skouder.

- Hoe is it, komst de tiid wat troch?
- Stean te skûteljen, oant sa.
- Skûtelje? No sjuddy, tút.

Wat in leave skat, dat sy sa oan my tinkt.

‘Wêr moat men wenje om te skûteljen?’ frege Brecht.

‘Hjir soesto it ek dwaan. Wolle, om de tiid om te krijen.’

‘Ik wenje dêr net, bliid ta.’

‘Wriuw it der wat mear yn, ja. Douwe woe en soe hjir hinne.’

‘As ik trouw west hie, dan hie ik in skieding oanfrege.’

‘Fierders wit ik wat ik oan him haw. Al hie er fannejûn wat nijs.’

‘Wat seist, wat nijs? Douwe?’

‘Ja, nei fiifentweintich jier sil er wer spylje.’

‘Spylje? Muzyk. Dat mienst net, Rein!’

‘Earlik wier. Hy hat jûn foarspyljen by de fanfare, hy wie der klear foar, sei er.’

‘No dat is wat wurdich. Wy troffen him yn dat kafeeke mei de siel ûnder de earm. En dy freon fan him. Hoe neamden se dy ek al wer, Gjalt rubber? Douwe en Gjalt rubber. Wêrom neamden se dy no sa? Hied er altiten oerstrûpkes by him?’

‘Nee ju, hy koe himsels yn alle bochten wringe, linich as er wie.’

‘Fansels, dat wie it. Douwe en Gjalt sieten oan de bar, de eagen op de yngong en doe kamen wy der yn. Jong en oantreklik, in ûnthjit foar de takomst. Douwe watst neamst in moaie man, net kreas of kant. Moai, in bytsje froulik. Fûnen wy beide, net ju, Rein? Gjalt en Douwe nûgen ús by harren en wy wiene ta oan de útsetter, nei in jûn útgûle oer mislearre ferkearing en it besef fan ús fergonklikens. Us jeugd wie foarby, sa fielde dat doe.’

‘Ja, Sjonny stie foar myn eagen in wyldfrjemd frommes ôf te slikjen, ien of oare boeretryn.’

‘Skandalich.’

‘It wie op in kearpunt yn myn libben. Earder soe ik it him ferjûn hawwe, no seach ik it en ik fielde neat. Der foel neat mear te ferjaan want it rekke my net. It wie my ynienen oer. De eagen gongen my opslach iepen.’

‘En dêr siet moaie Douwe!’

‘Ja it lok siet foar it gripen.’

‘Douwe begûn oer syn jazzband. Hy hie de tromboane oan

de wylgen hongen, sa't er sei. Sy hiene skeel hân, yn de band. Hy wie der út stapt. Opfallend helder foar it bier dat er aloan dronk.'

'Dat wie skyn, hy lei noch net of hy snoarke al. It foel my wat ôf, mar de oare moarns hat er my net teloarsteld.'

'Owh, ju?'

'Ik lei noch op ien ear, kaam mynhear oansetten mei in blêd mei jus, in aai en in tsiisbak en kwark mei granola. Hie Sjonny noch nea foar my dien, yn al dy jierren net. De mûle fol mores op de studinteferiening, mar te min om my moarns sêd te jaan. Mei Douwe wie dat oars, tsja. It miste deroan dat er in aubade foar my spile.'

'Dat sil dan wol in serenade wurden wêze, tink?'

'Ik kin fernimme wêr'tst nei pinfiskest, Brecht. Myn earste nacht en moarn mei Douwe haw ik dy wiidweidich út de doeken dien. Douwe is in hear. Oant no ta hat er syn tromboane net mear brûkt. Jûn sil it wêze, by de fanfare.'

'Haha, dy Reinou. En sit der noch wat muzyk yn jimme?'

'Wacht, Brecht, ik gean de tún yn, effen sûndigje.'

Reinou krige har taske en fûn in pakje sigaretten. Hei ju, wêrom stiene der langer sokke ûnhuere plaatsjes op de tabaksferpakking?

'Momintsje,' sei sy, yn de mûlshoeke de sigaret. Sy lei de snoadfoan del en die de healhege learskes oan. Hymjend gong sy ûnder de pergola sitten, stiek de sigaret oan.

'Bin 'k wer, Brechtsje.'

'Ik haw mysels wat yngetten, Reinou. Fertel.'

'Owh ju, hie ik ek dwaan moatten. Hawar, do fregeste oft der noch wat muzyk yn ús sit, Brecht? Om earlik te wêzen, al jierren net mear. Ik wurd der sa fertrietlik fan. Wat is der wurden fan it ûnthjit fan fiifentweintich jier lyn, jong binne wy net mear en...'

‘Mar al oantreklik,’ foel Brecht yn.

‘Dat komt yn dit gat oars min ta syn rjocht,’ sei Reinou.

‘Moatst dy hjir ynhâlde. Gelokkich dat ik nei kantoar kin.

Dêr wurkje mear minsken as dat hjir wenje. Ik ha sa’n sin oan moarn, reservearrest dat leuke tintsje mei dy tapas?’